

Achte oanwêzigen, bêste minsken.

Tank foar de útnûging en dat wy op dizze middei de romte krije om wat te fertellen oer de stichting Rekreaasje en Toerisme yn de gemeente Ferwerderadiel. Ik ha myn bydrage ferdield yn 3 punten, dat moat dochs kinne yn in tsjerkegebou (meitsje [jim](#) mar net ûngerêst, ik sil it koart hâlde).

Earst ús stichting en it besikerssintrum. Wy binne oprjochte om yn syn gehiel it toerisme yn de gemeente te befoarderjen en oan te stjoeren, letter is de klam mear komme te lizzen op it besikerssintrum om 't dat it wichtichste toeristyske plak wie. It besikerssintrum hat sa om en de by 15 frijwilligers mei in betelle krêft foar twa dagen. Is simmers 7 dagen en winters 6 dagen yn de wike iepen en hâldt him dwaande mei ferskate saken. Rûnliedingen nei de tsjerke, archeologysk steunpunt wêr 't ferskate fynsten lizze út de terp en omjouwing. Op dit stuit is de rekonstruksje fan de bekende beamkistdame Beitske te besjen. Fierder is der it Toeristysk Ynformaasje Punt, eksposysjes dy't wikselje om de twa moanne en net te ferjitten it restaurant. Dokumintaasjesintrum Ferwerderadiel hat in hoeke mei ynformaasje oer de skiednis fan de gemeente. Mei-inoar in gesellich moetingplak.

Twadde punt ús ûnderfiningen mei it stabilisearjen en it opknappen fan toer en tsjerke. Wy hiere as stichting de tsjerke fan de stichting Âlde Fryske Tsjerken, ferhiere him de earste snein fan de moanne oan it Frysk Oekomenysk Wurkferbân foar in Fryske tsjinst. Troch de deistige rûnliedingen krigen wy te meitsjen mei de aktiviteiten oan toer en tsjerke. Wy hiene yn it ferline net folle kontakt mei de SAFT, ris in kear skilje mei Klaas Sytsma en letter mei Willem de Graaf oer in technysk mankemintsje mar fierders net. Yn it neijier fan 2014 waard dat hiel oars en binne wy ynformearre troch de SAFT oer de bouwwurksumheden en yn juny fan 2015 gie it los. De yngong troch de toer waard ôfsletten mar lokkich koe de syddoar brûkt wurde om yn de tsjerke te kommen. Der wie in goede gearwurking mei de oannimmer, der waard rekkening hâlden mei [inoars](#) belangen. Foardiel it smyt wol mear besikers op, dy't nijsgjirrich wiene nei de wurksumheden oan en ûnder de toer. Ferskate besikers hâlden hun hert fêst wannear se Theo bikjen seagen en doe't hy mei syn kollega it fûnemint foar in part ûnder de toer wei hellen. Is it fertrout, binne de stuoltsjes sterk genôch. Op 5 novimber iepen dei foar de skoalbern en op 7 novimber foar elkenien. Tige slagge dagen. Al dat wurk frege in soad enerzjy want doe't de meterstannen oan de ein fan it jier opjûn waarden by de Nuon kaam der in ûngerêst telefoantsje by it besikerssintrum mei de fraach "Werom is jimme stroomferbrûk sa stik heger as oare jierren, ferbouwe jimme faaks hennep-plantsjes?" Lökkich wie der in ferklearring foar.

De fierdere oanpak oan toer en tsjerke dit jier wie wat dreger foar ús, de tsjerke hat sels in oantal wiken ticht west en koene wy gjin rûnliedingen jaan en dat krekt yn de drokke simmertiid. Wannear wy werom sjogge kinne wy konstatare dat de toer stevich stjit de tsjerke opknapt is en it paad oanlein troch de tsjerke fan Blije-Hegebeintum kreas passend oanslút by de yngong. Wy [mopperen](#) wolris dat it sa lang duorre mar mei dit resultaat hoopje wy noch lange jierren rûnliedingen te jaan en de besikers dy prachtige tsjerke mei syn unike ynterieur sjen te litten.

As tredde punt de takomst fan Hegebeintum en dan foaral dy fan it besikerssintrum yn relaasje mei terp en tsjerke.

Doe't it wurk by de toer begûn kaam de Rykstjiinst foar it Kultureel Erfgoed derby om ris te ûndersykjen werom is dy terp fan Hegebeintum sa'n stik heger as dy fan de omlizzende folle gruttere doarpen. Se kamen mei in plan om in boar-kearn út de terp te heljen fan sawat 9 m., de hichte fan de terp, in part giet nei Utrecht foar ûndersyk en in part sil yn Wageningen konservearre wurde en dy komt werom yn Hegebeintum. It besikerssintrum kriget dermei in prachtige kâns om de opbou fan de terp sjen te litten oan de besikers, mar ha wy der plak foar. Ek yn de kontakten mei dhr. Bakker fan de SAFT kaam nei foaren dat de tsjerke fan Hegebeintum tige bysûnder wie, hy seach wol mooglikheden om dy better op de kaart te setten en in foaroansteand plak te jaan yn de rige middelieuwske tsjerken. It boarprofyl en it ekstra omtinken foar de tsjerke joech de triuw om ris nei ús gebou te sjen. Sa'n 25 jier lien ynrychte fan âlde oerstallige skoalokalen, it fret enerzjy, freget in soad ûnderhâld en foldocht net mear oan de hjoeddeiske easken. Wy bin begûn foarsichtich te tinken oan nijbouplannen en ha kontakt lein mei in saakkundige adviseur en dy hat ús op wei holpen. Wy ha de lêste moannen oerlis hân mei ferskate minsken dy't wat yn de molke ha te brokkeljen oer oanpak, subsydzjes en regelingen. It resultaat is dat der no in skets/ûntwerp leit en wannear wy it finansjeel rûn ha, komt der in echt plan wer't wy mei op paad geane om in nij besikerssintrum yn Hegebeintum te realisearjen. It is ús foarnimmen om net allinne de portefuljehâlder mar ek it kolleezje en de riedskommisje as eigener fan it sintrum earst te ynformearren oer de plannen foar't wy it nei bûten bringe.

Oft it slagget dan is in nij gebou in boppeslach mei plak foar de 9 m. boar-kearn. Derneist is der nije ynformaasjeoerbring op toeristysk en rekreatyf mêd rjochting de toerist Wy as bestjoer realisearje ús wol dat wy net sûnder de ynset fan de frijwilligers kinne en dat dy soms de grins oanjouwe fan dy nijerwetske dingen.

De weriepening fan tsjerke/toer is hjoed oan de oarder en no it besikerssintrum noch. De terp, tsjerke en besikerssintrum foarmje in ienheid dy't inoar oanfolje. De terp en tsjerke krije it ekstra omtinken troch it ferhaal fan de rûnlieders, troch it ferhaal belibje de besikers it ferline. Yn dizze tiid is it belibjen fan grut gewicht om ynteresse los te meitsjen. Ek foar de jongerein bin wy al dwaande om har wat dwaan te litten en binne der plannen om dêr fierder mei te gean.

Wy ha it yntinsive oparbeidzjen mei de SAFT as posityf ûnderfûn, as ienfâldige amateurs mei de provisjonele fakminskten oan de slach. Dat helpt ús en jout moed om nei dizze weriepening ek yn de takomst mei-inoar te wurkjen oan in soad besikers ûnder elk syn eigen ferantwurdlikheid. Hegebeintum yn meardere opsichten it hichtepunt fan Fryslân.

Hegebeintum, 07-09-2016.